



TIKBOARTSJE

(Dansen op het kerkhof)

Toanielspul yn trije bedriuwen

fan

JULIA ENGELEN

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **TIKBOARTSJE – DANSEN OP HET KERKHOF** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JULIA ENGELEN** en vertaler: **GURBE DIJKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2024 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **4** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00,

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

KAREL - fjirtiger, selsfersekere, hurd en grof

HINDRIK - fjirtiger, wittenskipper, ferlegen, foarsichtich, kin sa ûntploffje

NORA - tweintiger, fjochter

NANCY - fjirtiger, frou fan Hindrik, sakefrou, wol as winner út de bus komme

DEKOR:

Sitkeamer mei doarren nei keuken, hal en sliepkeamer. Ienfâldich mar modern ynrychte. Sofa, iensitter, kofjetafel, bysettafel, TV mei rêch nei seal.

EARSTE BEDRIUW

(Nora sit oer de flier, rêch tsjin de sofa, boartet nonsjalant mei de mobyl. Karel siket op bleate fuotten, jachtich, om sokken. Nora sjocht net op fan de mobyl, is lilik, lit dit blike troch dwers te wêzen nei Karel ta)

KAREL: Wêr binne myn giele sokken? *(gjin reaksje)* Ferdomme, ik krij kâlde fuotten. *(siket)* Se sille doch net wer by dyn reade ûnderguod lizze? ...Nora! kinst miskien even ophâlde mei Facebook, Instagram, Twitter of Tik Tak.

NORA: Tik Tok.

KAREL: Ik tokje dy mobyl daliks sa ta 't finster út. Myn giele sokken? Ik hie se hjir klearlein.

NORA: Dan sille se der noch wol lizze.

KAREL: Echt net. Do hast se ergens oars dellein. Mei opsetsin.

NORA: Ik wit net wêr't dyn giele sokken binne.

KAREL: It is dyn taak om dat te witten.

NORA: Doch oare sokken oan.

KAREL: Nee, ik doch gjin oare sokken oan. Giel is myn sukseskleur.

NORA: At se net yn it sokke-laad lizze, sitte se yn de wask.

KAREL: Se lizze net yn it sokke-laad en se sitte net yn de wask. Se leine hjir. *(wiist op sofa)*

NORA: Lizze se net by dyn ûnderbroeken?

KAREL: Nee.

NORA: By dyn giele strik?

KAREL: Hasto de giele sokken by de strikken lein?

NORA: Alles is mooglik. Ik sortearje soms op kleur. Siet der in gat yn ien fan de sokken?

KAREL: Nee!

NORA: Dan sitte se yn de wask.

KAREL: Kloa.. Bisto klear?

NORA: Ja.

KAREL: Hâldst dat oan? In spikerbroek?

NORA: Ja.

KAREL: Lûk wat seksyers oan.

NORA: Ik wit net oft ik meidoch.

KAREL: Unsin. Do bist ûnderdiel fan de ôfspraak. Do dochst in jurk oan. Dy reade... Lis dy kloate-mobyl oan kant! (*Nora leit mobyl oan kant*) En sjit op do, it is hast kertier oer sânen. Doch wat lippestift op, en wat rouge. Do sjochst derút as hiest in jier yn in deadskiste lein. Wêr binne de hapkes?

NORA: By de hapkes-man.

KAREL: By de... ferdomme! Wêrom binne dy net levere?

NORA: (*pakt mobyl wer*) Moast dat dan?

KAREL: (*tsjin Nora*) Hallo! (*bellet*) Der nimt gjinien op. Noch gjin healwei achten en de boel is al ticht. Is dat no in manier fan saken dwaan? Se wolle grif betelle wurde, mar ik sis dy, se kinne nei de sinten fluitsje. Amateurs! No ja, problemen binne der om oplost te wurden. Nei de keuken do en meitsje wat klear, makket net út wat... Nora! (*Nora kant fan keuken op*) En dêrnei dochst in jurk oan.

NORA: Wat moat ik klearmeitsje?

KAREL: Kin my neat skele. Om my lûkst in blik kattefoer iepen. At der mar wat op tafel stiet. Hast it bêd ferskjinne?

NORA: Moast dat ek?

KAREL: Ik begryp it net. Wat hasto hjoed eins dien?

NORA: Hierwosken, wynbrauwen bywurke, neilen fan fingers en teannen knipt, yn bad west, hierkes fuorthelle, trije kear toskepoetst, gesicht massearre, yochertmasker, oerke yoga...

KAREL: Ik hear it al, in drokke dei.

NORA: Do seidest dat ik der moai útsjen moast. Sjoch ik der moai út?

KAREL: Sa as altyd: troch in temin oan goede smaak deselde treurnis. Hapkes! (*Nora ôf keuken, Karel ôf sliepkeamer. De bel. Karel op mei lekken en sloop*) Ferdomme, ferdomme, se binne te betiid. Nora, doch es iepen! Nora! (*bel*) Ik krij hjir sadaliks in hertoanfal. Doch dy doar iepen, Nora! (*ôf sliepkeamer, Nora kalm op, treuzelt even, bliuwt ôfwachtsjend stean. Bel. Karel flokt*

knetterjend, ropt. Nora laket, ôf gong. Even letter werom mei Nancy en Hindrik. Nora giet mei de mobyl oer de flier sitten, rêch tsjin de sofa. Nancy en Hindrik bliuwe by de doar stean. Gjinien seit wat. Nora laket om wat se op de mobyl sjocht. Docht as binne dy oaren der net. Ungemaklike stilte, Hindrik wol dy ferbrekke, ûnhandich)

HINDRIK: Jim wenje hjir moai... Moaie omjouwing ek. Al dat grien... *(kochtelt senuwachtich)* It is hjoed doch wer es drûch bleaun. De waarberjochten hiene it oars oer motrein, netwier Nancy? *(Nancy sjocht Hindrik oanbaarnd oan. Hy hat it wer es oer 't waar)* Ja. *(kochtelt)* Ja, ja. It skynt dat we moarn de sinne krije. It wurdt ek heech tiid, dat we wat maitiid krije. *(in fikse dúst mei de earmtakke leit him it swijen op. Stilte, oant Karel opkomt mei de earmen fol bêdeguod)*

KAREL: *(serieus, wol hân jaan, bêdeguod falt, siket it wer op)* Goejûn. Ja, sorry, goejûn. Sorry. *(sjocht Nora sitten)* Nora leave, de hapkes. *(Nora ôf keuken, Karel wol wer hân jaan, bêdeguod falt wer)*

NANCY: Silst de flieën derút skodzje?

HINDRIK: Flieën ferskûlje har meastal yn de râne fan de matras. It binne ynsekten en wurde ek wol bêdluzen neamd. Se krûpe mei in rotgong nei de sliepende slachtoffers om har te stekken en dan it bloed op te sûgjen.

NANCY: *(kapt 'm ôf, sarkastysk)* Tige tank! Dizze ensyklopedy is myn man, Hindrik. Ik bin Nancy. Do bist dus Karel?

KAREL: Wat is der mei dyn each, Mieke?

HINDRIK: Ungelokje. Se sjocht poerbêst mei dat oare each.

KAREL: Op de profylfoto hiest twa eagen. Ik wurd net graach bedondere.

NANCY: Wolsto myn eagen dan neuke? Ik bin Nancy, en net Mieke. Dat jonge ding, is dat dyn frou?

KAREL: Ja, Nora. Se soarget foar de hapkes. *(ropt)* Bubbeltsje, stel dy even foar. En nim de hapkes mei. *(Nora op mei in board mei in iepen blik kattefoer derop, set it op tafel)* Dit is dus myn frou, Nora. *(hat it kattefoer noch net sjoen, smyt lekkens achter sofa)*

NANCY: Dy is gjin fiif en tritich.

NORA: Trije en tweintich.

NANCY: Op dyn profyl stie fiif en tritich. (*tsjin Hindrik*) Wêrom moatsto altyd safolle gelok ha?

HINDRIK: (*tsjin Nancy*) Gelok. Se sjocht derút as in bern.

KAREL: Gean sitten, gean sitten. Drankje? Bubbels of wat sterkers?

HINDRIK: (*giet stiif neist Nancy op de sofa sitten, Nora wer oer de flier*) Wetter is goed.

NANCY: Hy is fan de blauwe knoop. Bubbels foar my. Hat de kat noch gjin iten hân?

KAREL: De kat? (*sjocht kattefoer*) Ferd... Nora! (*dy reagearret net, folle oandacht by mobyl*) Moatsto alles altyd letterlik nimme? Kattefoer!

NORA: Dat hast sels sein.

KAREL: Bring fuort dy rotsoai! (*tsjin Nancy en Hindrik*) Sorry. Ja, de hapkes binne net levere. (*Nora nei keuken mei kattefoer*)

NANCY: Dus doe tochtsto we jouwe se kattefoer.

KAREL: Nee! Fansels net. Misferstân. Nora hat totaal gjin gefoel foar humor. Wêr wiene we bleaun?

NANCY: Drank. Dizze motor start net sûnder brânstof.

KAREL: Ja, krekt. We sille dyn tankje es even foljitte, Mieke. (*dwaande mei glêzen, ynskinke, ek foar Hindrik. Besjocht Nancy yntiid*) Dat eachlapke stiet my doch tsjin.

HINDRIK: Ik ha in prachtige frou.

KAREL: Gean es stean en lit my dy es goed besjen. (*Hindrik oerein*) Dyn frou, ik wol dyn frou besjen.

HINDRIK: Do praatst oer myn frou as soe 't om in hynder gean.

KAREL: It is hjoed feemerck.

HINDRIK: (*lilk*) Pardon!

NANCY: Hindrik! Hy mei my besjen. Ik keapje ek gjin kat yn de sek. (*oerein, draait in pear kear*)

KAREL: Maatsje twa en fjirtich?

NANCY: Fjirtich, as ik in goede dei ha. (*sitte*)

KAREL: Dy man fan dy sjocht der sûn út. En ik... no ja, mear is der net.

NANCY: Do bist dúdlik gjin idele man.

KAREL: Allinne froulju binne idel.

NANCY: In frou is noait idel, inkeld moai.

KAREL: Dyn slach, Mieke. Underfining?

NANCY: Sels in idioat kin neuke. Sjoch mar nei Hindrik.

KAREL: Ha! Dy frou fan dy hâldt fan in grapke.

HINDRIK: Ja. Dy grapkes sille allinne de krante net helje.

KAREL: Sa, klear. No, proast! Gesellich. (*ropt*) Nora leave. Nora! Even in lyts opwarmerke, it foarspul sis mar. Ik bin dus Karel, manager by Business Invest Corporation: in miljoenekaptaal, in suksesfol bedriuw dat ik sels út de grûn stampst ha op myn acht en tritichste. Hiel suksesfol mei ik wol sizze. En in prima seksuele kondysje, netwier, Nora? Nora! (*Nora op, giet oer de flier sitten*) Ja, dat is it belangrykste. Woesto noch wat witte, Hindrik? Freegje mar.

HINDRIK: Wol... eh... ik soe it sa gau net witte.

NANCY: Foar Hindrik makket it neat út wa't syn frou neukt.

HINDRIK: Dat is net wier! Ik wol alles fan 'm witte. Bygelyks... wat maat skuon!

KAREL: Ik pak dyn frou wier net mei de grutte tean.

HINDRIK: Dyn hobbys dan.

KAREL: Dat is maklik. Seks, neuke, ôflûke en postsegels sammelje.

HINDRIK: (*is der even ôf*) Okee. Dat is okee, tink ik.

NANCY: It kin 'm neat skele wa'tsto bist, Karel.

HINDRIK: Jawol, dat kin my wol...

NANCY: Falt it dy net op, Karel, dat elkenien hjir liicht? Hindrik, do, dyn frou.

KAREL: En do. Do ek. Dat eachlapke is doch wol... Is dat in grap?

NANCY: O nee, de hurde wierheid. Dat lapke koe ik noch net op myn profylfoto sette. In meniste-leagentsje. Soest mei dat eachlapke ek op my fallen wêze?

KAREL: It uterlik is net belangryk.

NORA: (*laket*) God, at je it oer leagens ha.

NANCY: De wrâld draait op leagens, famke.

HINDRIK: Ik liich noait. As wittenskipper sykje ik altyd de wierheid.

NANCY: Ja, by de baktearjes ûnder de mikroskoop. Mar minsken lizze harsels net ûnder de mikroskoop. Se lige der mar wat op los, fantasearje, grutte dieden, unike mominten, grutte prestaasjes. Do ek Hindrik. Myn man mei him graach as held foardwaan.

HINDRIK: Wat ik mei dy baktearjes doch sil op in dei in minskeleven rêde.

KAREL: Wittenskipper hin? Ik ha net safolle mei de wittenskip. Ik fyn it allegear ûnsin. Je witte bygelyks dat de wrâld rûn is, mar atst op dyn flikker falst fielt it behoarlik plat. Goed, wêr proaste wy op?

NANCY: Op de takomst seker.

KAREL: Ja, op ús takomst, skat.

NANCY: Hindrik, op de takomst. Op de kommende oeren!

NORA: (*prûst it út*) Oeren!

NANCY: (*alarm*) Do stelst my doch net teloar, Karel, mei 'k hoopje

KAREL: Do silst neat tekoart komme.

NORA: Wolja, de wûnders binne de wrâld noch net út. (*stilte*)

KAREL: (*sjocht Nora poerlik oan. Stekt de fûst omheech. Dy besjocht de neilen. Docht as is hy der net. Karel kochelt om de ûngemaklike stilte te ferbrekken*) Dogge jim dit faker, partnerruil?

HINDRIK: Gelokkich net. Dit is de earste kear.

NANCY: (*fluch*) Net faak genôch. En jimme?

KAREL: Persoanlik... mei myn earste frou, Tanja, no ja, dy hie in slot op 'e ûnderbroek, sadwaande bin ik nei de skieding op rôftocht west, en ik moat sizze, mei sukses.

NORA: Betelle sukses.

KAREL: (*lilk*) Ik lei goed yn de merk. De froulju besprongen my sa't in flie in bosk hier bespringt. Ik ha in skoftsje ferloofd west. Aardich fanke, mar sûnder ferstân. Nachtklups. Hiel ynteressant, mar ik wie der gau op útsjoen.

NORA: Te djoer en hy is deun.

KAREL: En no ha ik Nora, dus de fluit bliuwt thús.

NANCY: Ja, mar do wolst wol tikboartsje.

KAREL: Ja, ik wol wat dwaan dat ik noch noait dien ha.

NORA: Gean nei de keuken en doch de ôfwask.

KAREL: Je ite ek net altyd yn itselde restaurant. (*lilk tsjin Nora*) En at je alle dagen boerekoal mei woarst krije.

NORA: Karel fynt my saai, mar eins is hysels net mear as in ballon mei in grut ego dy't by it minste oanreitsjen al leechrint.

KAREL: (*systert poerlilk*) Ik ha gjin ego.

NORA: Krekt in lyts bern. Dat hat ek gjin ego mar freget wol de hiele dei je oandacht.

KAREL: Doch wat nuttichs en lis skjinne lekkens op bêd. (*Nora ôf sliepkeamer*) Ja. Ik woe wat nijs. Nora is bysûnder saai op bêd. De seks mei har is altyd itselde. Ik fyn der neat mear oan. Ik moat my faak oppeppe om de lytse man yn de oanfalshâlding te krijen. Miskien kinsto, Hindrik, wer wat leven yn Nora pompe.

NANCY: Ha! Dat soe de ferrassing fan de jûn wêze. Dat deade karkas is inkeld goed foar de wjirmen.

HINDRIK: Ik doch myn myn bêst. Ik doch altyd myn bêst. Der wurde safolle easken oan de man steld. It moat ûnferwachts gebeure, mar dan leafst perfekt timed. Je moatte tagelyk klearkomme, leafst de frou earder as de man. Je moatte it minstens in healoere folhâlde kinne, mar it mei net saai wurde. Atst mear as ien standsje kenst, bist pervers, en oars bist ferfeelsum. Froulju sizze ek oanienwei dat seks net it wichtichste wêze mei yn in relaasje, sadat, as it der op oankomt, je as man oan neat oars mear tinke kinne. Seks soe foar froulju passy wêze moatte, allinne spitich dat de gebrûksoanwizing yn it Sineesk is.

NANCY: En do bist krekt in IKEA-kast, te min skroefkes en moerkes en hy moat gau es ferfongen wurde. Of je wurde...

HINDRIK: Nancy!

KAREL: Kin er it net folhâlde?

NANCY: Hy hat gjin fantasije.

HINDRIK: Ik ha fantasije by de rûs. Omdat ik dizze jûn net sitten sjoch bin ik noch net saai.

KAREL: Hindert neat jonge, foar Nora is dat gjin probleem. Dy hâldt net fan tefolle gedoch. Dat is kompleet brânhout op bêd. Ik soe fersteld stean atsto der lûd út krigest. In man moat soms even oantrune wurde, is 't net?

NANCY: Sa fan (*kreunt*) jaja, pak my, lekker, ja, hurder.

HINDRIK: By my dochst dat net.

NORA: (*yn de doar*) Ik mei graach oer geil praat.

KAREL: My foar fan alles útskelle is gjin geil praat. (*tsjin Nancy*) Lûd meitsje lykwols... En in frou moat dy de neilen yn 't fel sette.

NANCY: (*klaut nei Karel*) Miauw.

KAREL: Lekker dier. De fuotten om je hinne slaan.

NANCY: Broem-broem.

NORA: Hakke-hakke-puf-puf.

HINDRIK: Hakke-puf?

NORA: Benzine op. Of hy telt ôf. Noch fiif, no sil it heve, skatsje, noch fjouwer en hy waant 'm super machtich want fjouwer tellen, dat kin noch krekt. Trije en hy tinkt, se komt sa klear, twa en hy wurdt begearich, tinkt, ik mei sa, ien, te begearich, in lêste ynspanning en: we have a lift-off!! En dan sjit de raket sûnder my de loft yn.

KAREL: (*lik*) Lizze de lekkens op bêd?

NORA: Ja hear.

KAREL: Gean dan sitten en hâld dy stil. (*Nora wer oer de flier, mei de mobyl*)

HINDRIK: (*tsjin Karel*) Bisto noch goed sûn?

KAREL: Wat lêst fan de fuotten, de nekke, hjir en dêr in stent. Mar foar it oare op en top sûn. En do?

HINDRIK: Myn lichem is in timpel. Dokters fertsjinje neat oan my. Ik sport in soad.

NANCY: En dan is hy deawurch.

HINDRIK: Dochsto oan sport?

KAREL: Allinne horizontaal. Tink derom, rjochtop-steand kin ek, netwier Nora? Soesto net in jurk oanlûke?

NORA: Hoesa?

KAREL: (*driigjend nei har ta*) Om dêrnei wer út te lûken. (*sleept har nei sliepkeamer*) Doch wat ik sis. (*sjocht*) Do hiest it bêd doch opmakke, seist?

NORA: Nee, do seidest: lis lekkens op bêd.

KAREL: Stomme trut. Ik bedoelde datst it bêd opmeitsje moast. (*triuwt har sliepkeamer yn*)

HINDRIK: Keardel, sa giest net mei in frou om.

KAREL: Se freget der om. Ik ha hjoed al tefolle geduld hân. Ik warskôgje dy, Nancy, ik jou de froulju altyd wêr't se om freegje. Freegje se in soad, dan krije se in soad. Wat dat oangiet bin ik ûnferbidlik. Ik lit gjin inkele frou oer my hinne rinne. Wat sterkers?

NANCY: Nee, tanke. Ik gean foar sjampanje.

KAREL: Wêr? Yn it kûltsje fan de hals, de nâle, op it swarte wâld???

NANCY: (*drûch*) Yn in glês.

KAREL: (*laket*) In frou mei humor. Wy passe elkoar. Ik ha in geweldich gefoel foar humor. Leafst yn it neidiel fan oaren. (*giet sitten*)

HINDRIK: Litte we fuortgean, Nancy.

NANCY: (*docht as is hy der net, útdaagjend*) Ik gean noait in útdaging út de wei. Dêrom ha ik ek sukses. Ik bin begongen twa doazen fol rokjes en no ha ik tolve moadesaken. Sukses stiet mei grutte letters op myn fel skreaun.

KAREL: Ferdomme, sa te hearren binne wy beide út it rottenêst ûntsnapt. Wy binne foar elkoar makke.

HINDRIK: Dat seist grif tsjin alle froulju.

KAREL: Nee, dat sis ik allinne tsjin froulju dêr't ik in klik mei ha. Klikklik. (*Karel en Nancy besjogge elkoar. Hindrik sit der foar spek en beane by. Dan giet Nancy oerein en krûpt by Karel op skurte*)

HINDRIK: (*besiket de broeierige sfear wat ôfkuolje te litten, wol Karel ôfliede*) Hast de wedstriid justerjûn sjoen, Karel? Wat tinkst, hat Feyenoord fertsjinne wûn? Dy twadde goal wie diskutabel. Neffens my wie dat... (*Karel en Nancy frije*) Hands! En dy twadde penalty, Karel, dy twadde penalty, Karel, Karel? Dat wie earder in frije traap, bûten-de-sechtsjin. Dy assistint joech 'm yn, mar hy stie nei de fûgeltsjes te sjen en dy oare hie in pak yochert nei de kop hân en fage him de troep fan 't gesicht. (*reaksje op de begearigens fan Nancy*) O myn god! En dan dy skiedsrjochter. Karel, Karel? Ja, dy eh hie grif eachkleppen op. Twa, nee, trije frije trappen binne net jûn... en dy swalbe! Dat wie read foar... Karel, harkest wol? Dat wie gewoan... dit is gewoan... (*smyt in glês om*) Skandalich!

KAREL: Sûnde fan de bubbels. Nora! (*tsjin Nancy*) Hy wurdt wat senuwachtich, dy fint fan dy.

HINDRIK: Nancy, leave, kinne we nei hûs? Ik fiel migrêne opkommen.

KAREL: Ik sil dy ien fan dy blauwe piltsjes jaan. Dan knapst op slach op. (*helpt Nancy oerein, nimt har mei nei sliepkeamersdoar*) Sille wy dy skjinne lekkens even ynwije? (*doar iepen, sjocht, tsjin Nora*) De Mickey Mouse lekkens? Bist gek wurden?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto